

## PROVINSJALE STEATEN FAN FRYSLAN;

hawwe it útstel fan Deputearre Steaten fan 23 april 2003, Sektor Wolfeart en Wolwêzen, sjoen;

hawwe yn betinken nommen dat op it oanbelangjende beliedsmêd frijwat feroarings west hawwe;

beslute:

de neikommende 'Oardering kultuerprizen en de wittenskipspriis' fêst te stellen.

### Algemeine bepalings

#### Kêst 1

1. Yn dizze oardering wurdt ferstien ûnder:
  - a. 'priis': de Gysbert Japicxpriis, de dr. Obe Postmapriis, de Fedde Schurerpriis, de Fedde Schurer-publykspriis, de Bernlefpriis, de Pyt van der Zeepriis en de dr. Joast Halbertsmapriis;
  - b. 'wurk': wurk dat útkommen is yn boekfoarm of yn de foarm fan in stikmannich publikaasjes yn ien of mear tydskriften, op blêdmuzyk of op lûd- en/of bylddrager, partituer of poadiumfoarstelling yn syn wiidste omfieming;
  - c. 'auteur': skriuwer, oersetter en/of gearstaller fan in wurk;
  - d. 'sjonger': elkenien dy't fokale muzyk makket;
  - e. 'sjenre': it wenstige literêre, muzikale en toanielsjenre, dêrûnder de/it berne- en jongereinliteratuer/toaniel en de berne- en jongereinmuzyk beflapt;
  - f. 'alle wurkfjilden': sjoch lid d. en lid e.; alle gebieten dy't fierders mei it amateurtoaniel anneks binne, lykas: rezjy, karmasterij, klaaiïng, dekor, útfiering, spiler, selskip, organisaasje, publikaasje;
  - g. 'amateurtoaniel yn Fryslân': alles wat mei it amateurtoaniel yn Fryslân gearhinget;
  - h. 'Deputearre Steaten': Deputearre Steaten fan Fryslân.
2. De prizen kinne takend wurde oan ien persoan of oan in groep.

### Bepalings oer de prizen

#### Kêst 2

De prizen, de bedraggen fan de prizen en it mêd dêr't se foar takend wurde kinne binne:

1. de *Bernlefpriis*, grut € 2000,- en in oarkonde, foar de Frysktalige, fokale muzyk yn alle sjenres, foar ien wurk sa goed as foar it hiele oeuvre fan in sjonger, groep en/of it wurk fan in komponist, arranzjeur en tekstdichter.
2. de *Fedde Schurerpriis*, grut € 2000,- en in oarkonde, foar debuten yn alle sjenres yn it Frysk, sawol foar it earste wurk fan in auteur as foar it earste wurk fan in al publisearjend auteur yn in foar him/har nij sjenre;
3. de *Fedde Schurer-publykspriis*, grut € 2000,- en in oarkonde, foar debuten yn alle sjenres yn it Frysk, sawol foar it earste wurk fan in auteur as foar it earste wurk fan in auteur yn in foar him/har nij sjenre;
4. de *Gysbert Japicxpriis*, grut € 5000,- en in oarkonde, foar alle sjenres literatuer yn it Frysk, sawol foar ien wurk as foar it hiele oeuvre fan in auteur; de iene kear wurdt proaza bekroand, de oare kear poëzij, ensafuorthinne;
5. de *dr. Joast Halbertsmapriis*, grut € 4000,- en in oarkonde, foar wittenskiplik wurk Fryslân oanbelangjend, op it mêd fan skiednis, taal- en literatuerwittenskip en de sosjale wittenskippen; sawol foar ien wurk as foar it hiele oeuvre fan in auteur;

6. de *dr. Obe Postmapriis*, grut € 2000,- en in oarkonde, foar oersettings yn alle sjenres, út in frjemde taal yn it Frysk en oarsom;
7. de *Pyt van der Zeepriis*, grut € 2000,- en in oarkonde, foar it amateurtoaniel yn Fryslân;

#### Kêst 3

1. Alle prizen wurde om 'e trije jier takend, de *Gysbert Japicxpriis* om 'e twa jier;
2. Deputearre Steaten folgje dêrby it besteande ritme fan takenning, behalven by de *Gysbert Japicxpriis*. Dy priis wurdt op 'en nij yn 2003 takend en útrikt, dêrnei yn 2005, ensafuorthinne; de *Bernlefpriis* wurdt op grûn fan dizze oardering foar it earst takend en útrikt yn 2005, de *Fedde Schurer-publykspriis* yn 2005 en de *Pyt van der Zeepriis* yn 2004;
3. Nei in folsleine syklus fynt in evaluaasje plak. Foar it earst yn 2006 en dêrnei om 'e seis jier.

### Bepalings oer it takennen fan de prizen

#### Kêst 4

1. Eltse priis wurdt takend oan it wurk en útrikt oan de oanbelangjende auteur, makker, útfierder, samler, besoarger ensafuorthinne dat, neffens de oanbelangjende advyskommisje de bekroaning fertsjinnet; it giet dêrby om wurk yn it tiidrek fan trije jier (alle prizen) of twa jier (de *Gysbert Japicxpriis*), foarôfgeand oan it jier fan takenning;
2. De *Bernlefpriis* wurdt om bar takend foar lichte muzyk en foar ernstige, klassike muzyk; yn 2005 foar ernstige, klassike muzyk;
3. De *Pyt van der Zeepriis* wurdt takend en útrikt oan in persoan, groep of organisaasje op alle wurkfjilden fan it amateurtoaniel wêrby't it giet om in bûtengewoane prestaasje dy't yn ferhâlding ta oare prestaasjes yn it amateurtoaniel opfallend posityf is;
4. Gjin inkelde priis kin twa kear efterinoar oan deselde persoan, groep of organisaasje takend wurde;
5. De *Fedde Schurerpriis* en de *Fedde Schurer-publykspriis* kinne oan deselde auteur takend wurde; yn sa'n gefal krijt dy auteur beide jildbedraggen en beide oarkonden;
6. Yn bysûndere gefallen kinne Deputearre Steaten ôfwike fan it bepaalde yn it earste lid as it giet om it tiidrek fan trije jier of twa jier.

#### Kêst 5

1. Deputearre Steaten kenne de oanbelangjende priis ta op advys fan in dêrfoar ynstelde advyskommisje, neffens troch Deputearre Steaten fêststelde regels;
2. Wannear't Deputearre Steaten fan betinken binne dat de priis net takend wurde kin, giet de takenning oer.
3. Gjin inkelde priis kin takend wurde oan ien of mear leden fan in advyskommisje as bedoeld yn lid 1 fan dit kêst.

### Einbepalings

Kêst 6 De 'Regeling foar de prizen de Fryske literatuer en de wittenskip fan Fryslân oanbelangjend' fan 18 jannewaris 1984 is ferfallen mei yngong fan de dei dat de foarlizzende oardering yngiet.

Kêst 7 De foarlizzende oardering giet op 27 maaie 2003 yn.

Kêst 8 De foarlizzende oardering wurdt publisearre yn it Provinsjaal Blêd fan Fryslân.

Kêst 9 De foarlizzende oardering kin oanhelle wurde as de 'Oardering kultuerprizen en de wittenskipspriis'.

Kêst 10 Provinsjale Steaten machtige Deputearre Steaten om in útfieringsregeling fan de foarlizzende oardering fêst te stellen.

Sa fêststeld yn de gearkomste fan Provinsjale Steaten fan Fryslân op 26 maaie 2003,

E.H.T.M. Nijpels, foarsitter

O. Bijlsma, griffier